

Desimber 2025

de kritekoer



nijs fan

selskip 'Mei Inoar Ien'

te Utert, Seist en omkriten



De Kritekoer jiergong 70 nr. 4

Wat sit der yn de koer?

Programma 2025-2026

Datum (sneon)	Lokaasje*	Begjintiid	Programma
13 des. 2025	Nieuwegein-FV	14.00 oere	Kryst- en advintsmiddei; Sjoch side 10
17 jan. 2026	Nieuwegein-FV	16.00 oere	Nijjiersbesite mei waarm iten en bydragen eigen leden Sjoch side 11 en 12
7 maart 2026	Nieuwegein-FV	14.00 oere	Knilles en Afke (kabaret)
30 maaie 2026	Boattocht (as der genôch belangstelling is)		

*Seist-N = Noorderlichtkerk, Zeist

*Nieuwegein-FV = Dorpshuis Fort Vreeswijk, Nieuwegein.

Ledenijs

Op 15 novimber 2025 is ferstoarn ús âld-lid Martien Amersfoort. Hy is 95 jier wurden. Hy hat jierrenlang lid west fan de krite oant hy opnaam waard yn in fersoargingshûs. Hy wie de man fan ús earelid Janke Amersfoort. Op 24 novimber hat der in betinkingstsjinst west yn Bunnik. Trieneke Vos hat hjir it bestjoer fan de krite fertsjintwurdige.

Meidielingen bestjoer

Der hawwe al moai wat leden de kontribúsje betelle. Faak mei wat ekstra stipe. Tige tank hjirfoar, wy binne hjir bliid mei! As jo noch betelje moatte, **wolle jo dat dan yn oarder meitsje?**

It Keninklik Frysk Boun om utens

De jierlikse dei fan it KFBoU mei de Algemiene Gearkomste en Moetings- en Ynspiraasjemiddei is op sneon 28 maart 2026. De gastkrite is 'Fier fan hûs'



yn Apeldoorn. Ynformaasje oer it Boun, de kritekrantsjes en jier-programma's fan de oare krite kinne jo fine op www.fryskbutenfryslan.frl.

Fan de foarsitter

De tiid hâldt gjin skoft. De desimbermoanne komt al wer rap yn 't sicht, wylst ik dit stikje oan it typen bin. Altyd wer in gesellige moanne. Hjir fytsten krekt wer heiten en memmen lâns mei bern efterop dy 't Pietemûtsen op hienen. O ja, tocht ik derby: hjoed komt Sinteklaas yn Houten oan. Ik bin dochs wol bliid, dat myn bern en bernsbern net mear yn de leeftiid binne, dat se nei de yntocht wolle!!! Yn myn tinzen wie it altyd kâld en faaks lei d'r snie! Dy tiid is dus foarby.

Dan komt de Adventstiid en de krystdagen dêrnei. Dat is gelokkich net bûtendoar! Mar earst komme wy noch by mekoar op 13 desimber. Dit is foar it earst op de nije lokaasje: Fort Vreeswijk. Fierderop fine jimme de rûtebeskriuwing, hoe dêr te kommen. It wurd in gesellige middei mei aktiviteiten yn'e sfear fan Kryst. Fierderop yn dizze Kritekoer fine jimme mear ynformaasje.

Dan hawwe wy op 17 jannewaris ús nijjiersgearkomste. Dat is dizze kear ek wat oars, want wy wienen wend – yn de Bijnkershoek - om allinne troch te jaan, hoefolle minsken as der kamen. Mar no moat alles fia in oar besteld wurde en is de priis wat heger as eartiids. Dus graach bytiids opjaan en betelje, dan komt it allegear yn oarder.

Ik winske jimme allegearre noflike dagen ta yn goeie sûnens. Want der binne wer in soad minsken oan 't kwakkeljen! Betterskip en alle goeds tawinske en ik hoopje op gesellige middeis yn desimber en jannewaris.

Mei golle groetnis,

Pietie Westdijk-Kaastra





OPROP foar de nijjiersbesite op 17 jannewaris 2026

It liket it bestjoer aardich ta, om de eigen leden wer ris wat nei foaren bringe te litten op in kritemiddei. Sa'n programma fine wy wol geskikt foar ús nijjiersbesite. Elke bydrage leafst net langer as 5 minuten!

Hawwe jo wat nijsgjirrichs meimakke, hawwe jo in moai ferhaal, in geskikt gedicht of in bysûndere anekdoate? En wolle jo dit nei foaren bringe op de nijjiersbesite? Jou jo dan op by de **skriuwer** Jan Piet Bergmans : 06-3778 1632.

Ferslach kritegearkomste sneon 1 novimber yn Seist

De Freulesjongers út Wommels

*Ut Wommels wei, op in moaie dei,
Stie de bus al klear; yn goede harmonij,
mei in manmachtich sjongkoar, fol moed,
Yn swart/ljochtblau oanklaaid, hiel goed.*

*Yn de bus troch Fryslân, is 't net nuver?
Song elk in liet, soms falsk, meast suver.
By Amersfoart noch efkes parkearje
Om dêrnei dochs te avensearjen.*

*En at se dan middeis Seist berikke,
Is it hiele koar fol fjoer en flam,
Mei de Freule Sjongers – elk mei dit witte –
Genietsje wy fan in fleurich program.*





1 novimber 2025: wat in hearlike muzikale middei met de Freule Sjongers! Mei sa'n 20 sjongers, 3 muzikanten (teekistbas, akkordeon, gitaar) en harren oanhang wie de seal al foar de helte fol. De sfear siet der fuortdaliks yn mei it iepeningsnûmer "It's good to see you!"

De diriginte Ellen Postma (elk koar soe wol sa'n dirigente ha wolle!) hie de leie muzikaal fêst yn hannen en bûtendat wie se ek noch in sjarmante 'lady-speaker'. Dêrneist pakte se fan en ta ek har fluitsje om in soarte fan twadde stimme boppe de yntro's te setten.

It program hold Nederlânske, Ingelske en Fryske ferskes yn, moai ferdielt. Ingelske teksten wienen faak yn it Frysk oerset ('Blowing in the wind' waard 'Rûzjend yn 'e wyn'). It nûmer 'Marije Maria' – noch altyd heech yn de Fryske Top 100 – ûntbriek fansels ek net.

It steand applaus wie fertsjinne, lykas de komplimenten ("Ik ha net in koar *heard*, mar ik ha in koar *field*"; "Dizze groep mei noch wolris komme!") dy't de Freule Sjongers mei grutte tank yn ûntfangst namen.

En at jo nochris nei in stikje fan 'Marije Maria' harkje wolle, dan moatte jo mei de kamera fan de mobile telefoan de QR-koade hjirneist scanne. Dan kin ferbining makke wurde mei in filmke op ynternet.



Ida Knobbe







De Nieuwsbode
hie sels in
fotograaf nei ús
gearkomste
stjoerd! Hjirûnder
in foto fanôf it
balkon. Hjirneist
it ferslach op de
foarside fan'e
krante!
Moaie reklame
foar ús krite!



Foto: Hans van Oosterhoudt



Fort Vreeswijk

Fort Vreeswijk yn Nieuwegein makket diel út fan de bebouwing van het histoaryske skippersdoarp Vreeswijk. Troch in inisjatyf fan bewenners hat it no de funksje fan doarpshûs mei in protte kulturele en maatskiplike aktiviteiten.

De skiednis fan Fort Vreeswijk begjint al yn de 16e iuw. Der waard in ferdigeningswurk boud, dat beskerming biede moast tsjin de Spaanske troepen. Yn letter iuwen is dit ferdigeningswurk fierder útwreide. It tsjintwurdige fort datearret út 1855 en wie mei de fêstingwâl in belangryk ûnderdiel fan de 'Nieuwe Hollandse Waterlinie'.

Lokaasje en rûte

Op de kaartsjes hjirûnder en hjirneist stiet it fort oanjûn.

Der is genôch parkearromte foar de auto's. Ek is it doarsphûs goed te berikken mei iepenbier ferfier. **Busline 65 – tusken Urecht en Vianen – stoppet by halte 'Museumwerf Vreeswijk'.**

Dan is it sa'n 5 minuten rinnen.

Adres

Doarpshûs Fort Vreeswijk

Fort Vreeswijk 1

3433 ZZ Nieuwegein

Webseite: www.fortvreeswijk.nl







It bestjoer fan
SELSKIP MEI INOAR IEN
nûget jimme út foar in

GESELLIGE KRYSTMIDDEI

Wy folje dizze middei mei 'krystige' saken sa as sjonge,
in ferhaal en in nijsgjirrige aktiviteit dy't noch in ferrassing bliuwt!

Der is lekker iten en drinken, sa binne der bofferts,
bakt troch in bestjoerslid en oare lekkere hapkes!

Fersit dizze noflike middei net!

Datum:	Sneon 13 desimber 2025
Lokaasje:	Doarpshûs Fort Vreeswijk, Fort Vreeswijk 1A 3433 ZZ Nieuwegein
Ynrin:	Fan 13.30 oere ôf
Hoe let:	14.00 oant sa'n 16.00 oere
Ynlis:	€ 5,00; graach mei past jild betelje
Fryske taksy:	Sjoch side 12



**Dizze middei ek ferkeap
healsliten Fryske boeken!**



It bestjoer fan **SELSKIP MEI INOAR IEN**
nûget jimme út foar de

NIJJERSBESITE



2026

op sneon 17 jannewaris

Sa as wentsich, is der waarm iten.

Jo kinne kieze út trije soarten stampot: boerekoal,
suerkoal en hutspot. Drankjes, kofje en tee binne fergees!

Programma

- 16:00 oere: Untfangst mei in drankje en nijjierje
- Hjirnei: Nijjierspraatsje foarsitter en optredens/bydragen leden
 (foadrachten, ferhalen ensfh.)
 Graach opjaan by de skriuwer! Sjoch side 4.
- 17:30 oere: Waarm iten

Ek dizze middei ferkeap healsliten Fryske boeken!

- Datum:** sneon 17 jannewaris 2026
- Plak:** Doarpshûs Fort Vreeswijk
 Fort Vreeswijk 1A
 3433 ZZ Nieuwegein
- Tiden:** 16:00 oant sa'n 19:00 oere
- Kosten iten:** € 17,50 per persoan
- Jo betelling:** Moat op snein 11 jannewaris 2026 byskreaun wêze!
- Fryske taksy:** Sjoch side 12



Bysûnderheden Nijjiersbesite sneon 17 jannewaris 2026

Waarm iten – Sa as wenstich organisearret it bestjoer in waarm miel op de nijjiersbesite. Wy sitte op in nije lokaasje en dat betsjut dat it no wat oars giet en dat it iten wat mear kostet. De catering wurdt fersoarge troch Slagerij Gelderblom. It miel bestiet út trije soarten stampot (boerekoal, suerkoal en hutspot), twa soarten fleis en in neigesetsje. De kosten fan it iten binne € 17,50. Fierder is der foar dizze middei gjin ynlis en binne de konsumpsjes fergees.

Oanmelde en betelje – Foar de ynkeap en organisaasje fan it iten is it nedich, dat jim yn't foar betelje.

Oanmelde foar it iten kin troch € 17,50 per persoan oer te meitsjen op rekken NL05 INGB 00 00 194027 o.n.f. Selskip Fryslân.

Dizze betelling moat **uterlik snein 11 jannewaris 2026** byskreaun wêze! Foar it trochjaan fan dieetwinsken en foar fragen graach belje mei Pietie Westdijk, 06 - 5316 4098.



Fryske taksy

It bestjoer organisearret it ferfier nei de kritermiddeis krekt as ferline kritejier. Dat betsjut dat jo net ophelle wurde. As jo komme wolle en gjin ferfiermooglikheid hawwe, kinne jo gebrûk meitsje fan de *Regiotaxi**. Nei ôfrin fan de gearkomste binne der sjauffeurs beskikber. (Bestjoers)leden dy't dan oanwêzich binne, kinne minsken thúsbringe.

Dus: hinnereis sels regele, weromreis wurde jo thúsbrocht.

It is net nedich om jo dêr foar op te jaan. As jo mei de regiotaksy komme en graach thúsbrocht wurde wolle, meie jo dat fansels wol alfêst yn 't foar melde by Trieneke Vos (030-6916 081).



***Noch noait mei Regiotaxi reizige?**

Elkenien kin der gebrûk fan meitsje, ek as jo gjin wmo-ferrierspas hawwe.

Belje mei Regiotaxi Utrecht/Zeist, tel: 088 – 0025 444. Of sjoch op www.regiotaxiutrecht.nl.



KRITEKOERIER YN AKSJE !

Wenje jo yn Utert,
Seist, Bunnik, Odijk,
De Bilt of Bithoven?
Miskien sjogge jo
ús Kritekoerier dan
wol ris fytsen...
*Moai, as jo efkes de
hân opstekke!*



*Besoarging Kritekoer
oktober 2025*



"Goeie!"



PUZEL

En ta beslút fan dizze Kritekoer in nije puzel mei in ferburgen sin. Net al te dreech, want de antwurden foar de 10 opjeften binne allegear yn dizze Kritekoer te finen! Folje op de side hjirneist de antwurden yn en nim de letters mei in nûmer oer yn de oplossing. Tink der om: yn dizze puzel is de IJ ien letter!

1. Hoe hjit de cateraar fan ús Nijjiersbesite? (10)
2. Wa besoarget Kritekoeren per fyts? (12)
3. Wat moatte jo dwaan mei de QR-koade? (6)
4. Wat is de hjoeddeistige funksje fan Fort Vreeswijk? (9)
5. Lêste diel fan de efternamme fan de Nieuwsbode-fotograaf. (11)
6. Boerekoal, hutspot en.... (8)
7. Wat sil in bestjoerslid bakke foar de krystmiddei? (7)
8. Wat hat noch net elk kritelid oan de ponghâlder betelle? (11)
9. Wêr hiene de Freulesjongers op'e hinnereis skoft? (10)
10. Inoar in lokkich nijjier winskje. (8)

1			17		15							
2				6							22	
3		4			16							
4	21				7					11		
5			14				5					
6		8	18					1				
7		3					10					
8			9							12		
9	19					20						
10			2					13				



Oplossing WORDOKU
Kritekoer oktober 2025

Dit wie de goede oplossing. Yn elk fjouwerkant, op elke rige en yn elke kolom steande de letters S P I N R E A C en H.

Da's in soad spinreach!

S	H	R	N	I	E	A	P	C
C	A	P	H	S	R	E	N	I
N	I	E	C	A	P	R	S	H
H	R	A	S	N	I	P	C	E
I	N	C	P	E	H	S	A	R
P	E	S	R	C	A	I	H	N
R	C	H	I	P	S	N	E	A
E	P	I	A	H	N	C	R	S
A	S	N	E	R	C	H	I	P

Desimber is de moanne fan feesten en geselligens.
Mar krekt wat mear as oare moannen ek in tiid fan weromsjen
en oantinkens oan elkenien dy't wy misse moatte.

It bestjoer fan krite Mei Inoar Ien
winsket alle leden en harren dierberen
in moaie krysttiid

mei in soad noflike dagen,

1	2	3	4	5	6	7	8	9	10	11	12	13	14
---	---	---	---	---	---	---	---	---	----	----	----	----	----

	15	16		17	18	19	20	21	22
--	----	----	--	----	----	----	----	----	----

!





KONTAKT

Postadres

Krite Mei Inoar Ien, p/a Langeweg 75, 4133 AT Vianen

Bestjoer

Foarsitter: Pietie Westdijk-Kaasta, (06) 5316 4098, pcwestdijk@planet.nl

Skriuwer: Jan Piet Bergmans, (06) 2718 4195, j.p.bergmans@casema.nl

Ponghâlder: Gerrita Otten-Onrust, (06) 2519 0166, g.onrust1@gmail.com

Bestjoerslid: Harke Hofman, (0347) 377 703, harkemarga@gmail.com

Bestjoerslid: Trieneke Vos, (030) 6916 081, tvos51@kpnmail.nl

Aldereinsaken

Pietie Westdijk-Kaasta, (06) 5316 4098, pcwestdijk@planet.nl

Trieneke Vos, (030) 6916 081, tvos51@kpnmail.nl

Assistinsje gearkomsten

Nieske Schurer

Bank

NL05 INGB 000 0194 027 o.n.f. 'Selskip Fryslân' te Utert

Ha jo in bydrage foar de Kritekoer?

Graach in mail nei de skriuwer,
ferstjoere nei it krite-postadres
of ynleverje op in gearkomste.

Slutingsdatum kopij:

Woansdei 5 febrewaris 2026

